

Redaksjoneel en Ynhâld fan ensafh nû. 4, 2014, it Rely Jorritsma-nûmer

Redaksjoneel

Sûnt 1954 skriuwt de stichting Rely Jorritsma Founs alle jierren in literêre priisfraach út mei as doel de Fryske literatuer te befoarderjen.

Sûnt 2004 wurdt nêst de gewoane priisfraach ek de Rely-Juniorpriisfraach foar jongeren fan 12 - 18 jier útskreaun.

Yn dit nûmer fan Ensafh stiet it bekroande wurk fan 2014. Sa as wenst binne ek de sjueryrapporten opnommen.

It bestjoer fan de stichting, besteande út it Kolleezje fan Boargemaster en Wethâlders fan de gemeente Littenseradiel, hat de útjefte finansjeel mooglik makke.

OER RELY JORRITSMA

Rely Jorritsma is berne yn Jellum yn 1905. Hy hat yn Ljouwert, Hoogezand en Nijmegen op skoalle sitten. Hy koe goed tekenje en skilderje en hy koe ek aardich skriuwe. Der waarden gauris gedichten en ferhalen fan him publisearre yn ferskate Fryske tydskriften, mar der waarden noch folle mear ôfwiisd. Rely hie in soad argewaasje fan dingen yn de Fryske Beweging en dêr hearde de opset fan de priisfragen yn dy tiid ek by. Hy fûn benammen de beleaning fierstente skiterich. Dêrom liet er de Fryske literatuer wat nei.

Yn syn testamint liet Rely Jorritsma fêstlizze, dat der in fûns oprjochte wurde moast om syn neilittenskip te behearen. De fruchten dêrfan soene dan tsjinje moatte as prizejild foar priisfragen dêr't koarte ferhalen en fersen yn it Frysk foar ynstjoerd wurde moasten. Doel fan de priisfraach: it befoarderjen fan de Fryske literatuer.

1 Ynhâld

Redaksjoneel

Marije Roorda
Wat opdage

Lida Dykstra
Flinteraikes

Simen de Jong
Oer wurd en dea

Geert Nauta
Animaasjeknyn

John Bosma
om yn te kleuren

Forina van der Zee
Nea besite

Rixt Weiland
Yn 'e wyn op

Oer de skriuwers

Sjueryrapport
Junior Rely

Roelof Kooistra
Jo

Ilse Duisterhout
Myn earste tút

Yvanka Visser
Dreamen

Hester de Haan
De maitiid

Berber Tiemersma
Sinne

Anneke van der Werf
Wylde

Jannita van der Veer
Seesiik

Sjueryrapport

